

Tomke wol nei de kapper!

ferhaal Riemkje Pitstra, tekening Luuk Klazenga



Tomke is bliid.
Hy hat wer nei juf Klaske west.
Dat koe hiel, hiel lang net.
'Ik fyn juf Klaske sá leaf', seit er.
'Sil ik in tekening foar har meitsje?'
'Dat is in goed idee', seit Kornelia.
Se pakt papier en de krytsjes.
'Wat sil ik tekenje?' freget Tomke.
'Tekenje my mar', seit Romke.
'Juf Klaske is gek op hûntsjes.'
Tomke begjint te tekenjen.
Earst makket hy de holle fan Romke.
'Jakkes!' ropt Tomke.
'Myn hier hinget foar myn eagen.
Ik sjoch dy net goed.'
Hy faget de hierkes oan de kant.
Mar dat jout neat.
Tomke draaft nei Kornelia.
'Ik moat nei de kapper!' ropt er.
'Myn hierkes binne te lang!'
'Dat kin net, Tomke', seit Kornelia.
'Alle kappers ha it smoardrok.
Se binne hiel, hiel lang ticht west.
Troch dat coronafirus.
De minsken wolle no allegear

tagelyk nei de kapper.
Noch trije nachtsjes wachtsje.
Dan knipt de kapper ek dyn hierkes.’
‘Ik fyn it mar stom’, prottelt Tomke.
Hy giet werom nei syn tekening.
Eefkes letter hingje de hierkes wer foar syn eagen.
‘Sa kin ik net tekenje’, seit Tomke lilik.
Hoe moat it no?
‘Kinsto hierkes knippe, Romke?’ freget er.
‘Ik bin in hûntsje’, seit Romke.
‘Gjin kapper.’
‘Dan doch ik it sels wol’, seit Tomke.
Yn syn bakje sit in giel skjirke.
Tomke pakt in hierke.
Hoefolle sil hy derôf knippe?
‘Tomke, wat dochsto dêr!’ ropt Kornelia.
‘Doch net sa gefaarlik mei dy skjirre.’
‘Ik kin net tekenje’, seit Tomke.
‘Mei dy lange hierkes.’
Kornelia tinkt nei.
‘Ik wit al wat’, laket se.
Se hellet in doaske út de kast.
Yn it doaske sitte kleurde lintsjes.
‘Sykje mar ien út’, seit se.
Tomke fynt in read lintsje wol cool.
Kornelia bynt de hierkes fêst.
Tomke sjocht yn de spegel.
‘No ha ik ek in sturtsje’, ropt er.
‘Krekt as Yana Yu.’
‘Ik wol ek in lintsje yn myn sturt’, seit Romke.
Dat mei wol fan Kornelia.
De tekening foar juf Klaske wurdt hiel moai.
Se dogge de tekening by har yn de brievebus.
En wat sjocht Yana Yu op har skerm?
Tomke en Romke mei twa moaie sturtsjes!

Mear foarlêze?

Sjoch op www.tomke.frl foar mear ferhaaltsjes, spultsjes, ferskes, filmkes en printmateriaal oer Tomke en syn freontsjes.